FRYSKE AKADEMY

UT DE

SMIDTE

- 56ste jiergong
- nûmer 2
- winter 2022

- FA-ria 02|16
- Utjeften 03
- Personalia 06
- Projekten 10
- Weromsjen 13
- Wurkferbannen 15

Folle lok en seine foar 2023!

Fan de direkteur-bestjoerder

Wylst in prachtige ljochtkrystbeam de binnentún fan de Akademy ferljochtet, sjogge wy efterom nei wat we dit jier allegear by d' ein hân hawwe en wy sjogge foarút nei de moaie plannen dy't we foar takom jier hawwe.

2022 sil te boek stean as in histoarysk momint. Foar it earst is yn de Twadde Keamer yn it Frysk debatearre oer de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer. Dêrby is konstatearre dat der draachflak is foar in ambisjeuze nije Bestjoersôfspraak dy't yn 2024 yngiet. De Fryske Akademy wie by it debat oanwêzich en set yn 'e mande mei oare organisaasjes yn op in stevige, brede Frisistyk mei wittenskiplik en maatskiplike omtinken foar taal, skiednis, literatuer, erfguod en identiteit. Want dy saken hingje gear, lykas it ûndersyk, ûnderwiis en de ûniversitêre Frisistyk, dy't de ôfrûne tiid ûnderwerp fan debat wiene, ek gearhingje. Sjoch hjiroer op side 6.

De Akademy hat dit jier in slach slein om mei te gean yn in feroarjende, mear hybride en ek in Fairtrade, duorsume wrâld. Sûnt it wer kin, hawwe wy in soad moetingen hân mei allegearre organisaasjes. Sa mochten we ôffurdigers fan politike fraksjes wolkom hjitte, kaam der in Japanske delegaasje del en hiene wy in nijsjirrige moeting mei it Nederlands Gebaren Centrum. Mei it Fries Sociaal Planbureau, de Provinsje en oare partners yn it Gearwurkingstrajekt Fryske Taal en Kultuer wurkje wy oan in bredere kennisynfrastruktuer en wy hoopje dat yn it kommend jier mear hannen en fuotten jaan te kinnen. Troch petearen, lêzings en publikaasjes yn Fryslân, Nederlân en yn it bûtenlân, binne wy dwaande om ús ûndersyk nei taal, kultuer en skiednis fierder op de kaart en ûnder de oandacht te krijen. In delslach dêrfan lêze jo fierderop yn dit nûmer fan *Ut de Smidte*. Lykas oer de promoasje fan ús kollega dr. Nika Stefan oer de ynfloed fan it Nederlânsk op it Frysk en oer ferskate oare publikaasjes lêze jo mear. Hokker nije minsken wy wolkom hjitte mochten, mar ek fan hokker kollega's der ôfskied naam waard.
2023 sil ek te boek stean as in histoarysk momint: we betinke dan 85 jier Fryske Akademy. Wy wolle dit meiinoar fiere op de Akademydei, freed 8 septimber, markearje it alfêst yn it bûsboekje. Fan dy datum ôf hoopje we in jier lang ekstra omtinken te freegjen foar ús wurk, op ferskate wizen, dat hâldt de kommunikaasje hjiroer yn de rekken. Foar no wol ik yn elts gefal eltsenien alle goeds foar it nije jier tawinskje en tige tanksizze foar jo stipe yn it ôfrûne jier. □

Ynhald

Fan de direkteur-bestjoerder 01
Ynhald 02
Aldste opnamen fan de trije Fryske talen digitalisearre 02
Pionier foar it Frysk 03
Ofskiedsbondel foar prof. dr. Jarich Hoekstra 03
Hans Mol - The Frisian Popular Militias between 1480 and 1560 04
Leksikograaf Hindrik Sijens keazen yn bestjoer Euralex 04
Genealogysk Jierboek 2022 05
Genealogyske jierboeken online 05
Nije útjefte Freeska Landriucht 06
Anne Merkuur universitêr dosint Frisistyk 06
Fjouwer nije Akademyleden 07
Ferstoarne leden 07
Meiwurkers 08
Oprop nije leden 2023 08
Nika Stefan promovearre 09
Us reis nei Sealterlân 10
Yn petear mei Fryske dichteressen 11
Undersyk nei it Fryske feangreidegebiet 11
Frysker yn trije talen te brûken 12
Taaltechnology foar it Frysk 12
Weromsjen 13
Lêzing Simon Coupland 15
Jiersympoasium Wurkgroep Maritime Skiednis 15
Akademylêzingen wer op lokaasje 16
Fryske ynsprekmaraton fan start 16
Gearwurking Fryske Akademy en ûndersykssintrum BirdEyes 17
Memmetaalsprekkers socht foar taalfariaasjeûndersyk 17
Skripsjepriis foar Martijn Kingma 18
Wandelende tak, wat is dat yn it Frysk? 19
Aginda 20

Aldste opnamen fan de trije Fryske talen digitalisearre

Yn oparbeidzjen mei de Fryske Akademy en Tresoar hat it Frysk Film & Audio Argyf (FFAA) in rige fan 75 âlde 78-toerenplaten mei Fryske dialektopnamen út 1927 digitalisearje litten.

Wy kinne hearre hoe't it Klaaifrysk, Wâldfrysk en it Frysk fan de Súdwesthoeke, de Dokkumer wâlden en de Dongeradielen yn de jierren 20 klonk. Ek it Hylpers, Aasters en Westers (Skylge), Skiermûntseachs en Biltsk fan in iuw tebek binne fêstlein op de skellakplaten.
De opnamen binne fan grutte histoaryske en taalkundige wearde: ús kollega Jelske Dijkstra waard sels noch útnûge troch it programma OVT op NPO Radio 1 om hjiroer te fertellen. □

Sels ris harkje nei fragminten út de Dongeradielen, de Wâlden, It Bilt of ien fan de oare 72 opnames?

→ Gean nei soundcloud.com

Kies:
- → FriesFilm & AudioArchief
- → Playlists
- → Dialecten Friesland Theodor Siebs

Pionier foar it Frysk

Biografy oer prof. dr. Tony Feitsma



"Een zeer geslaagde biografie geworden, even wetenschappelijk als leesbaar." (Jelle van der Meulen). "Pionier foar it Frysk is een boek om in één adem uit te lezen. De biograaf Westra heeft de onderste steen bovengebracht om een beeld te scheppen van een dwarse, eigenzinnige, zeer geleerde, idealistische vrouw." (Marc van Oostendorp)

Prachtige resinsjes wiene der foar de wittenskiplike biografy '*Pionier foar it Frysk. Libben en striid fan Tony Feitsma (1928-2009)*', skreaun troch dr. Liuwe H. Westra. Westra krige dêrta yn 2019 de opdracht fan it Feitsma Fûns - Fûûns fwar it Frysk. Hy hat 2,5 jier oan 'e biografy wurke.
Tony Feitsma kaam út in Fryske famylje, mar waard grut yn 'e Wieringermar. Hja gie yn Alkmaar nei it gymnasium, studearre Frysk, Deensk en Frânsk yn Amsterdam en waard wittenskiplik assistinte, learares Frânsk, wittenskiplik haadmeiwurker en op it lêst heechlearaar Frysk. Dêrnjonken hat Tony Feitsma har hiele aktive libben yn it spier west foar de Fryske beweging.

Westra beskriuwt har libben yn dy kontekst en evaluearret har bydrage oan wittenskip en beweging. Hy jout ek antwurd op 'e fraach hoe't Tony Feitsma sa Frysksinnich waard, en jout ynsjoch yn har bysûndere karakter.

Liuwe Westra wurket no as leksikograaf by de Fryske Akademy. Op de konferinsje Frisian Humanities yn Ljouwert waard it earste eksimplaar oanbean oan de Kommissaris fan 'e Kening Arno Brok. □

Ofskiedsbondel foar prof. dr. Jarich Hoekstra

25 artikels oer alle perioaden en farianten fan it Frysk

Alhoewol't er fan april ôf al wat fan de rêst fan it pensjoen genietsje kin, hold prof. dr. Jarich Hoekstra - earder ferbûn as taalkundige oan de Fryske Akademy – yn it begjin fan de simmer in ôfskiedskolleezje oan de Christian Albrechts Universiteit yn Kiel, dêr't er goed 20 jier yn it spier west hat foar de Frisistyk, benammen de stúdzje fan it Noard-Frysk. By dat ôfskiedskolleezje krige er in bondel oanbean mei artikels fan eksperts op it mêd fan de Frisistyk: *North Frisia; A Journey along the North Sea Coast, Frisian Studies in honour of Jarich Hoekstra*.

De 25 artikels yn de bondel beslane alle perioaden en farianten fan it Frysk. De artikels, meast skreaun yn it Ingelsk en Dútsk, geane fan it Aldfrysk oant it Modernfrysk en hawwe in geografysk berik fan it Frysk yn Nederlân oant it Sealter- en Noardfrysk yn Dútslân, ynklusyf it Nederdútsk. Guon artikels geane oer nije fjilden fan ûndersyk, lykas ûnbekende gebieten fan dialektology, oaren jouwe wiidweidige resinsjes fan bepaalde domeinen, sa as de ôfkomst fan Aldfryske rjochtsteksten, en in tredde category rjochtet him op spesifike ûnderwerpen fariearjend fan fonology, grammatika en etymology oant aspekten fan de Fryske literatuer en in midsiuwske Fryske ballade. □

'Open access'

- → Akademy-taalkundigen dr. Eric Hoekstra en dr. Willem Visser sieten mei yn de redaksje. It boekwurk is folslein beskikber fia 'open access':
- → lyt.sr/XHxMG

Hans Mol - The Frisian Popular Militias between 1480 and 1560

Fan Hans Mol (1954), ûndersiker midsiuwske skiednis oan de Fryske Akademy en (emearitus) bysûnder heechlearaar oan de Universiteit Leien, is in nij boek ferskynd.

Yn *'The Frisian Popular Militias between 1480 and 1560'* bestudearret hy de mobilisaasje, organisaasje en bewapening fan befolkingslegers yn in tiid wêryn't faak oarloch fierd waard tusken steaten yn wurding. Yn 'e lette midsiuwen en iere moderne tiid waard yn hiel Europa nammentlik in berop dien op falide manlju tusken sechstjin en sechstich jier om diel te nimmen oan ynfallen, belegeringen en fjildslaggen ta ferdigening fan hûs en hurd. Omdat dy manlju as amateurs beskôge wurde, hat de militêre histoariografy net folle omtinken jûn oan harren ynspannings.

Dit boek wol dêr feroaring yn bringe. Sintraal yn it boek steane de gearstalling en ûntwikkeling fan de lanlike en stedske milysjes yn Fryslân, opdield yn in ferlykjend Noardwest-Europeesk perspektyf, tegearre mei in ûndersyk nei wêrom't de selsferdigening fan de Friezen úteinlik faalde yn harren besykjen om harren politike autonomy te behâlden.

De wichtichste boarne is in wiidweidige rige meunsterlisten út 1552 dy 't bewarre bleaun binne fan seis stêden en fjirtjin plattelâns-distrikten. □

→ lyt.sr/27UiY

Leksikograaf Hindrik Sijens keazen yn bestjoer Euralex

Hindrik Sijens, leksikograaf by de Fryske Akademy, is keazen yn it bestjoer fan de European Association for Lexicography (Euralex).

It doel fan Euralex is it befoarderjen fan wittenskiplike aktiviteit op it mêd fan 'e leksikografy (it meitsjen fan wurdboeken) en besibbe dissiplines (semantyk, korpuslingwistyk, sosjolinguistyk, datamanagement) foar safier't dy te krijen hawwe mei leksikografy.

Wurdboekskriuwen en alles wat dêrby komt te sjen is hjoed-de-dei in digitaal proses. De útdagingen en feroaringen dy't dêrmei anneks binne, binne ûnderwerp fan debat yn 'e akademyske en profesjonele leksikografy, dus ek binnen Euralex. Troch de bestjoerssit fan Sijens is de Fryske Akademy dêr op Europeesk nivo by fertsjintwurdige. □

→ euralex.org/

Genealogysk Jierboek 2022

It Genealogysk Wurkferbân fan de Fryske Akademy koe op sneon 26 novimber it *Genealogysk Jierboek* 2022 presintearje yn in gearkomste by Tresoar. It 415 siden tellende boek biedt fjouwer grutte artikels. Fierder stiet der ek wer in bydrage yn oangeande Wapenregistraasje, fersoarge troch de Fryske Rie foar Heraldyk.

Keunstskilder Hobbema

It earste artikel is fan de hân fan Nico van der Woude en hat as titel 'De Friese komaf van Meindert Hobbema'. Van der Woude kaam by it ûndersyk nei de kertiersteat fan syn bern terjochte by in famylje yn Amsterdam. Op himsels neat bysûnders, want hoefolle Friezen giene wol net 'om utens' nei de haadstêd? Yn de Amsterdamske argiven fûn er lykwols by tafal it houlik fan de wrâldferneamde santtjinde iuwske keunstskilder Meindert Hobbema. Syn famylje koe net festknope wurde oan dy fan Van der Woude, mar dochs bleau de fraach hingjen oft de Hobbema's no wol of net fan Frysk komôf wiene.

Famyljes Franckena

Jan T. Annema en Ype Brouwers hawwe it artikel 'Franckena van Ooststellingwerf' skreaun en Jelle de Jong 'Franckena van Weststellingwerf'. It giet hjir om twa ferskillende famyljes Franckena, dy't net besibbe binne oan inoar. It lêste artikel is fan Onno Hellinga †, Pieter Nieuwland en André Buwalda: 'Aysma, Lauta van Aysma'. Yn de famylje fan de Aysma's libbe de gedachte dat se fan adel wiene, guon droegen ek iepenlik de titel 'joncker', al wiene dat mar in pear. Wat oerienkaam wie dat se grutte states bewennen. De selsferklearre jonkers brochten it lykwols net ta de gewestlike elite.

Wapens

It lêste part fan *it Genealogysk Jierboek* is fersoarge troch de Fryske Rie foar Heraldyk en befettet inkele wapens fan ferskate boarnen, famyljewapens, -flagge en –wimpel fan de famyljes: Hannema Dedzjum, Harder, Van Popta, Rienks, Terluin, Van der Wal en Westra. It jierboek wurdt kompletearre troch de doarpswapens, -flaggen en -wimpels fan Damwâld, Ferwert en Hegebeintum. □



→ Brouwers, Ype e.o. (red)., *Genealogysk Jierboek 2022.* 2022, Akademynûmer 1139, 415 siden. Afûk/Fryske Akademy, Ljouwert. ISBN978-94-93318-01-4. Priis: € 37,50.

Genealogyske jierboeken online

Under redaksje fan de leden fan it Genealogysk Wurkferbân wurdt der alle jierren, al sûnt 1951, in jierboek gearstald. Alle edysjes – behalve de nijste – binne op de website fan de Fryske Akademy werom te finen. Elk kin online yn de boekwurken sneupe fia www.fryske-akademy.nl/genjierboek □

Nije útjefte Freeska Landriucht

Om 1485 hinne waard de iuwenâlde samling fan it Aldfryske rjocht, foar in part datearjend út 'e 11de iuw, printe. Dizze ynkunabel waard bekend ûnder de namme Freeska Landriucht of Frysk Lânrjocht.

Yn de tekst waarden ek Latynske glossen opnommen, mei ferwizings nei it Kanonike en Romeinske rjocht, in tradysje dy't yn 'e 13de en 14de iuw ûntstien wie.
Begjin 2023 presintearje dr. Han Nijdam (Fryske Akademy), prof. em. mr. Jan Hallebeek en mr. dr. Hylkje de Jong (Vrije Universiteit Amsterdam) in nije útjefte fan it *Freeska Landriucht*, nammentlik de earste krityske edysje mei in Ingelske oersetting: *Frisian Land Law. A Critical Edition and Translation of the Freeska Landriucht.* It boek ferskynt by útjouwerij Brill. ☐



Anne Merkuur universitêr dosint Frisistyk

De Fakulteit der Letteren fan de Ryksuniversiteit Grins (RUG) hat ús ûndersiker dr. Anne Merkuur mei yngong fan 1 desimber oansteld as universitêr dosint om it ûnderwiis en ûndersyk op it mêd fan Fryske taal en kultuer fierder foarm en ynhâld te jaan, nei't it net slagge wie om in heechlearaar te beneamen nei de pensjonearring fan prof. dr. Goffe Jensma.

Hja kombinearret har nije funksje oan de RUG mei har hjoeddeistige oanstelling by de Fryske Akademy. Sa kin mei bydroegen wurde oan de fuortsterking fan de ynterdissiplinêre gearwurking tusken de RUG (fia sawol de Fakulteit der Letteren as Campus Fryslân), Fryske Akademy en NHL/Stenden en boarget it it ûnderwiis en ûdersyk op it mêd fan de Fryske taal en kultuer.

Frisistyk en de Fryske Akademy

As Fryske Akademy hawwe wy in grut belang by in sterke universitêre Frisistyk. Ofstudearre frisisten binne de Akademy-ûndersikers fan de takomst; ûndersikers fan de Fryske Akademy binne de universitêr dosinten en heechleararen fan de takomst. Wy steane in bloeiende Frisistyk mei romte foar talint fan de takomst foar. Gearwurking tusken partijen is dêrby wichtich, sels needsaaklik. Dêrom set de Fryske Akademy him yn om de universitêre Frisistyk te stypjen en fuortsterkjen dêr't it kin.

De Fryske Akademy ûnderhâldt in bysûndere leerstoel Fryske taalkunde oan de Universiteit van Amsterdam, dy't op dit stuit opnaam is yn de learstoel fan prof. dr. Arjen Versloot. De Fryske Akademy fersoarget dêrneist op dizze universiteit de kolleezjes taalwinning Frysk. Prof. dr. Hans Van de Velde is út namme fan de Fryske Akademy oan de Universiteit Utert ferbûn foar de Sosjolinguistyk, mei oandacht foar de taalsituaasje yn Fryslân. Sawol de emearitus heechlearaar Frysk yn Grins as dy yn Kiel kamen fan de Fryske Akademy.

Takomst

Direkteur-bestjoerder dr. Nelleke IJssennagger-van der Pluijm: "Wy binne der grutsk op, dat de oanstelling fan ien fan ús ûndersikers as Universitêr Dosint oan de RUG, mei kâns om ta heechlearaar troch te groeien, oan dit rychje tafoege wurde kin. Wy

hawwe der alle betrouwen yn en winskje dr. Anne Merkuur in soad súkses ta. Fansels is it spitich dat der gjin heechlearaar fûn is. Wat wy dêr as Akademy oan dwaan kinne is soargje dat dat yn de takomst net wer barre kin. Dat dogge wy troch by te dragen oan de ûntwikkeling fan in nije generaasje ûndersikers ta de heechleararen fan de takomst. Krekt as yn it ferline bard is. Sa kinne we bydrage oan kontinuïteit en in duorsume Frisistyk". ☐

Fjouwer nije Akademyleden

By de 84ste Akademydei fan freed 16 septimber binne fjouwer nije Akademyleden beneamd. Alle fjouwer op grûn fan harren grutte fertsjinsten foar de Fryske Kultuer: Martsje Miedema-Loonstra, drs. Lida Dykstra, Sake Pieter Roodbergen en Immie Jonkman.

De direkteur-bestjoerder mei de fjouwer nijbeneamde Akademyleden (flnr) Sake Roodbergen, Immie Jonkman, Lida Dykstra en Martsje Miedema-Loonstra.

Martsje Miedema-Loonstra kaam nei de Kweekskoalle foar de klasse op 'e Gordyk. Dat hold op doe't se troude. Letter folge se ûnder oaren in kursus by de Afûk. Dy kursus waard in LO-akte en dêrnei MO-A. Dêrnei waard se ien fan de meast betûfte lesjouwers by de Afûk, mei in eigen spesjalisme: de pommerantekursussen. Yn Fryslân ûntstie lang om let in kultuer, dat jo hjir gjin liedingjaande funksje hawwe kinne as jo gjin war dogge om it Frysk aktyf te behearskjen. Martsje Miedema hat foar in foarnaam part bydroegen oan dy kultueromslach.

De karrière fan **Lida Dykstra** begûn yn 'e jierren '80 as meiwurker fan 'e Stifting Monumint fan 'e Moanne en dêrnei as kurator fan it Jouster Museum. Letter begûn se mei it skriuwen. Har skriuwerskip krige in ekstra diminsje troch it feit dat se har skiedkundige en monumintale eftergrûn yn in protte boeken meispylje lit, benammen foar âldere bern. Alles mei alles hat Fryslân yn Lida Dykstra in ambassadeur fan mear as allinnich berneboeken. Hja bringt de skiednis, literatuer en kultuer fan de provinsje Fryslân by in grut publyk ûnder it omtinken, en dat docht hja mei tagonklike en fraai foarmjûne boeken fan hege kwaliteit dêr't net allinnich bern, mar ek grutten har blik mei ferbreedzje en har wrâld mei ferrykje kinne.

Syn hiele libben lang hat **Sake Roodbergen** fassinearre west troch de natuer, yn en bûten Fryslân. Hy hat moai wat jierren learaar biology west yn Akkrum mar syn lanlike trochbraak kaam doe't er yn 1987 frege waard yn 'e Kommisje Beliedstarieding fan it Bûn fan Fryske Fûgelwachten. Fan 2004 ôf is Roodbergen aktyf behelle by it fêststellen fan tal fan offisjele nammelisten. Mei syn krewaerjen hat er ûnbidich bydroegen oan 'e útbou fan it Frysk as taal fan wittenskip en belied. Hy hat in protte Friezen (nije) niget jûn oan 'e Fryske nammen foar alles wat der om ús hinne libbet en it gebrûk fan dy Fryske nammen stimulearre.

Immie Jonkman spilet al jierren in grutte rol by tal fan oansprekkende, provinsjebrede, kulturele eveneminten. Derby is hja ien fan 'e minsken dy't konsekwint yn 'e pleit wie foar in Frysktalige ynfolling. Immie Jonkman hat dêr net allinnich each foar, mar jout dêr ek foarm oan op plakken dêr't nije kultuer makke wurdt. Har ynset op dat mêd by de Slachtemaraton, it Oranjewâld Festival en Arcadia kinne wat dat oanbelanget net heech genôch wurdearre wurde. ☐

Ferstoarne leden

De Fryske Akademy hat tynge krigen fan it ferstjerren fan de neikommende leden:

27 maaie 2022:
prof.dr. P.Th.F.M. Boekholt, Paterswolde, 84 jier. Lid sûnt 2003.

27 juny 2022:
prof. dr. Heinrich Schmidt, Oldenburg, 93 jier. Lid sûnt 1973.

2 augustus 2022:
Prof. mr. Gerrit Heida, Drachten, 93 jier. Lid sûnt 1958.

28 novimber 2022:
Jan Walda, Nijewier, 88 jier. Lid sûnt 2006. Walda hie in sit yn it Akademybestjoer fan 1999-2004, wêrfan sûnt 2003 as twadde foarsitter. ☐

Meiwurkers

Ferskate nije meiwurkers setten út ein by de Fryske Akademy de ôfrûne tiid, mar der waard ek ôfskied naam fan in tal minsken.

Ein juny begûn **Anne Mulder** as hr-adviseur. Hy folge dêrmei **Nora Pratley** en **Cobi Vogelzang** op dy't begjin septimber harren ôfskied hiene. Nora Pratley hat mear as 46 jier ferbûn west oan de Fryske Akademy. Se is begûn op de typkeamer en wurke de lêste jierren oant har pensjoen as hr-adviseur. Alhoewol't Cobi Vogelzang offisjeel pas de Akademy mei yngong fan it nije jier ferlit, waard der al wol fêst in mienskiplik ôfskied holden fan de beide hr-adviseurs.

Johan van der Zwaag is fan 't simmer as leksikograaf oan it wurk gien. **Ylse Fardou de Boer** naam ôfskied yn dy funksje om wer oan de stúdzje te gean. **Hielke Vriesendorp** is begûn as ûndersiker laboratoariumsosjolinguïstyk en **Femke van Seijen** koe nei in staazjeperioade as ûndersyksmeiwurker te set by in tal projekten.

Johan van der Zwaag

Sociolooch **Edwin Klinkenberg** naam yn septimber ôfskied, lykas **Liesje Haanstra** dy't wurksum wie as sekretaresse. Oan de ein fan it jier begûnen **Ida van der Velde** en **Marit Bijlsma**. Van der Velde as bestjoersassistint en Bijlsma as koördinator ûndersyksfinansiering en strategyske gearwurking. □

Cobi Vogelzang (l.) en Nora Pratley

Lêzing en lunsj as ôfskied foar hr-adviseurs

➜ Nora Pratley en Cobi Vogelzang namen op tongersdei 1 septimber ôfskied fan de Fryske Akademy. De beide hr-adviseurs diene dat troch it organisearjen fan in lêzing dy't holden waard troch prof. dr. Naomi Ellemers. De lêzing waard yn it ramt fan Studium Generale by de RUG Campus Fryslân holden en hie as tema: 'Hoe organiseer je een vruchtbare samenwerking? Interacties tussen personen en de macht van de situatie'. Nei ôfrin fan de lêzing wie der mei de (KNAW-)kollega's, famylje en Naomi Ellemers en har man in lunsj yn de kantine. De beide froulju krigen ûnder mear in pinne mei ynskripsje ta oantinken oan harren tiid by de Fryske Akademy.

Oprop nije leden 2023

As wittenskiplik ynstitút hat de Fryske Akademy al sûnt syn oprjochting leden. Akademyleden binne persoanen fan rûnom op 'e wrâld, dy't dy ûnderskieding wurdich binne op grûn fan fertsjinsten op it mêd fan de Fryske wittenskip, fertsjinsten foar de Fryske kultuer, of in grutte, oanhâldende niget oan de wittenskip of foar de Fryske kultuer yn it algemien.

Beneaming

Stipers en leden fan 'e Akademy kinne it hiele jier troch lju foar beneaming ta lid fan 'e Fryske Akademy foardrage. Op Akademydei wurde nije leden beneamd troch de direkteur-bestjoerder, dy't by de beoardieling fan de foardracht stipe wurdt troch de beneamingskommisje. Foar in beneaming op de Akademydei yn 2023 (freed 8 septimber) moatte foardrachten op syn lêst op moandei 31 jannewaris 2023 troch middel fan in brief/e-mail yntsjinne wêze. By de foardracht moat dúdlik motivearre wurde wêrom't de foardroegene it lidmaatskip fertsjinnet. At it heal kin, wolle wy ek graach de kontaktgegevens fan 'e foardroegene hawwe. Set jo eigen kontaktgegevens der ek by, want as de foardroegen kandidaat ta lid beneamd wurdt, wolle wy jo ek graach útnûgje. As jo net wis binne oft immen op dit stuit al of net lid is fan de Fryske Akademy, kinne jo eventueel yn it foar neifraach dwaan by it sekretariaat. It foardrachtsbrief kinne jo stjoere nei:

➜ Fryske Akademy | Nije leden
Postbus 54 - 8900 AB Ljouwert/Leeuwarden
Of fia e-mail nei it
➜ direksjesekretariaat@fryske-akademy.nl

Nika Stefan promovearre

Hora est! Op 24 oktober promovearre ús taalkundich ûndersiker Nika Stefan (1985, Wrocław, Poalen) oan de Universiteit van Amsterdam – neffens goed Frysk gebrûk – yn de Martinitsjerke yn Frjentsjer. Har proefskrift krige de titel: *Spoken Frisian: Language contact, variation and change* en kaam ta stân ûnder begelieding fan promotoaren prof. dr. Arjen Versloot en dr. Edwin Klinkenberg.

Stefan studearre Nederlânske taal en kultuer oan de Universiteit fan Wrocław en ferfolge har stúdzje oan de Rijksuniversiteit Groningen mei de Bachelor Fryske taal en kultuer. Har promoasjeûndersyk, dat finansiere waard troch de Campus Fryslân, fierde hja út oan de Fryske Akademy en de Universiteit van Amsterdam.

It proefskrift fan Stefan jout ynsjoch yn it brûken fan en de fariaasje yn it sprutsen West-Frysk tsjin de eftergrûn fan de Fryske standerttaal en it taalkontakt mei it Nederlânsk. It Frysk is in minderheidstaal dy't sprutsen wurdt yn de Nederlânske provinsje Fryslân. It is yn haadsaak in sprektaal dy't skaaimerke wurdt troch in rom ferskaat oan dialektfariaasje. Alle Friezen binne twatalich en harren taalbehearsking is faak heger yn it Nederlânsk as yn it Frysk. Fan it sprutsen Frysk is bekend dat it beynfloede wurdt troch it Nederlânsk, mar der is net in soad bekend oer de feitlike taalfariaasje fan it Frysk sa't dat yn it deistich libben brûkt wurdt.

It ûndersyk is útfierd yn it ramt fan in grutter ûndersyk yn Fryslân – in sosjologysk taalûndersyk – dêr't dit promoasjeprojekt diel fan útmakket. Foar beide projekten is in online fragelist ûntwikkele dy't ynfolle is troch 3.700 dielnimmers, fariearjend yn âldens (≥18 jier) en wenjend yn ferskate dielen fan Fryslân. Likernôch 250 fan de 3.000 Frysktalige dielnimmers dy't it taaldiel fan de fragelist ynfollen, waarden útnûge foar in djipte-ynterview.

De resultaten befêstigje it algemien foarkommen fan lienwurden en lienkonstruksjes yn it sprutsen Frysk en it ferskil mei de Fryske standert, mar litte ek sjen dat taalkontakt in kompleks proses is dêr't meardere faktoaren in rol yn spylje. Net allinne kin de lienberens fan Nederlânske wurden en konstruksjes sterk útienrinne, ek de populariteit en akseptaasje dêrfan ûnder de sprekkers fariearret sterk. Mei taalkennis en –bewustwêzen dy't algemiene oannames feitlik oertreffe, docht bliken dat de sprekkers fan it Frysk bewust kieze om harren taalgebrûk oan te passen oan ferskate petearpartners en situaasjes. □

Proefskrift

➜ It proefskrift van Nika Stefan kinne jo fine op:

Us reis nei Sealterlân

It is yn 2022 al 186 jier ferlyn dat Montanus de Haan Hettema en Shakespeare-oersetter Rinse Posthumus in boek publisearren oer harren *'Reis naar Sagelterland'* (1836). Tige optein wiene se dat der in lytse enklave wie, in espeltsje doarpen tusken Papenburch en Oldenburch, dêr't noch autentyk East-Frysk praat waard, ynstee fan Ostfriesisch Platt. Dat lêste is in Nedersaksysk dialekt mei in smite Fryske oerbliuwsels deryn, ûntstien yn de tiid fan de Hanze doe't de Eastfriezen har taal begûnen op te jaan foar in, nei't se tochten, betteren. Mar de Sealterske Friezen holden hoek op 'e sânkoppen yn it moeras en brûkten har Frysk as geheimtaal at se bûten har Heimat omstrúnden. Yn ús tiid waard har taal bestudearre troch Pyt Kramer en troch Marron Fort.

Utbou Kramer syn grammatika

Yn 2021 krige de Fryske Akademy wat jild fan de Dútske oerheid om de behindige grammatika fan Kramer út te wreidzjen. Oaljemantsje dêrby wie Henk Wolf, âld-Akademymeiwurker en tsjintwurdich taalfunksjonaris foar it Sealtersk by de Oldenburgische Landschaft. Sadwaande publisearren de taalkundigen Eric Hoekstra, Henk Wolf en Bouke Slofstra, mei stipe fan Tessa Leppers en Pyt Kramer ein 2021 in útwreide ferzje fan Kramer syn grammatika (sjoch dêrta op seeltersk.de). Yn de skreaune data waard in nijsgjirrich ferskynsel ûntdutsen: ferhâldingswurden lykas 'op' wurde mei in -e ferlingd as de sin in tastân beskriuwt ('ik bin op'), en krekt net as der in feroaring beskreaun wurdt ('ik stean op').

Ein juny reizgen de taalkundigen foar in wike nei Sealterlân en Oldenburch. Yn Sealterlân praten se mei sprekkers en pommeranten fan it Sealtersk oer har Fryske taal en wat sy foar har betsjutte koene. Eric Hoekstra: "Har taal is wier wol oars as ús Frysk, mar troch de warbere stúdzje dy't wy fan har taal makke hiene, koene wy har aardich neikomme. Har Frysk ferskilt likefolle fan ús Frysk as Hollânsk fan Dútsk. Sadwaande is it goed om jin te realisearjen dat it Frysk gjin taal, mar in taalfamylje is mei trije troch de oerheid as taal erkende leden: Noardfrysk, Sealterfrysk en ús Frysk". Dêrnei gie it selskip fierder nei Oldenburch, om in lêzing oer it Sealterfrysk te jaan op it kongres "Small languages, big ideas". Teffens waard dêr in fûnemint foar de gearwurking mei de Universiteit Oldenburch oangeande de stúdzje fan it Sealtersk.

Utwreide grammatika

Yn 'e moannen dêrnei koe dien wurk makke wurde mei de *Sprachlehre des Saterfriesischen 2022*. It lytse oerbliuwsel fan it East-Frysk, it Frysk fan Sealterlân, kaam al jierren oan 'e krapperein, njonken it goed beskreaune Westerlauwersk Frysk en it Noard-Frysk binnen de Fryske taalfamylje.
Yn 2022 hat it Sealter-team (besteande út de taalkundigen dr. Eric Hoekstra, Bouke Slofstra en Henk Wolf) fierder wurke oan de basis dy't yn 2021 lein wie. It resultaat is no in sterk útwreide en ridlik folsleine grammatika (*Sprachlehre* 2022, 55.000+ wurden). De grammatika is te finen by de útjeften op de website fan de Fryske Akademy.

Taalportaal

It projekt is foar in part betelle troch it Niedersächsisches Ministerium für Wissenschaft und Kultur en de gemeente Sealterlân. Foar 2023 is it plan om in Ingelske oersetting fan de Sprachlehre te meitsjen en dy yn te fieren yn Taalportaal.org, dêr't it Nederlânsk en it Westerlauwersk Frysk ek yn opnommen binne. □

De grammatika is te finen by de útjeften op de website fan de Fryske Akademy:
lyt.sr/8C21I

Yn petear mei Fryske dichteressen

Janneke Spoelstra hold ôfrûne simmer yn Edinburgh, Skotlân, in lêzing mei de titel 'Can female writers in Frisian feel at home in Frisian literature? And do they?', op it kongres fan the Association of Low Countries Studies, dat as tema hie: 'Homing in'.

Tarieding

De lêzing en it Ingelsktalich artikel dêrefter wiene in tarieding op de ynterviews dy't Janneke Spoelstra hâlde sil mei Fryske dichteressen yn it ramt fan de ynterviewbondel dêr't se yn maart mei úteinset is. De ynterviewbondel is bedoeld as update fan Jelma Knol har boek '*út syn aerd wei froulik, de Fryske dichteressen en it misferstân*' (1993) en ferskynt yn 'e Literêre Rigen fan 'e Fryske Akademy.

Spoelstra seach nei ferskillende persintaazjes fan 'homing in' fan froulju yn 'e Fryske literatuer. Guon persintaazjes as update fan Jelma Knol har sifers fan 1993, bygelyks hoefolle oft froulju bydroegen oan de Frysk literêre tydskriften *Hjir* (doe) en *Ensafh* (no) (www.ensafh.nl), en guon nije persintaazjes, lykas it dielnimmen fan froulju oan Dichterskollektyf Rixt (rixt.frl/). Se beseach ek hoe't de Fryske sifers har ferholden ta gegevens oer de partisipaasje fan froulju yn de Nederlânsktalige poëzy en de poëzy yn Ierlân.

Aggie van der Meer

Underwilens is it earste fraachpetear foar de bondel ek holden. Dêrfoar gie Spoelstra op besite yn Boalsert by de 95-jierrige dichter/skriuwer Aggie van der Meer, Gysbert Japicx-priiswinner (2019). Uteinlik sille der sa'n 10 ynterviews holden wurde.
It projekt rint oant maart 2024. De Afûk sil de ynterviewbondel útjaan. □

Mear lêze?
→ **www.ensafh.nl**
→ **rixt.frl/**

Undersyk nei it Fryske feangreidegebiet

Yn oktober hat ús promovendus Mark Raat in presintaasje hâlden by de ESTER Research Design Course yn Lund (Sweden), in Europeesk platfoarm foar postdoktoraal ûnderwiis, dêr't mear as 60 universiteiten yn hiel Europa oan dielnimme. Raat is no hast twa jier dwaande mei de skiednis fan it Fryske feangreidegebiet. Syn fokus leit op fjouwer lânskipstransformaasjes dy't yn 'e perioade 1600-1970 plakfûn hawwe: ynpolderingen yn de 17e en 19e iuw, turfwinning yn leechfean rûnom 1750 en de ruilferkaveling fan likernôch 1950 ôf.

"Ik sykje nei eigenskippen fan histoaryske transformaasjes fan it lânskip. Yn it bysûnder ûnder hokker omstannichheden en mei hokker ideeën eardere generaasjes Friezen harren omjouwing feroare hawwe," fertelt Raat.
"Sa hoopje ik yn kaart te bringen wat de kontinuïteit en diskontinuïteit is, út it ferline wei nei it heden". De resultaten fan de stúdzje kinne relevant wêze foar de polityk-maatskiplike diskusje oer de takomst fan it gebiet, no't de feangreide op 'e nij oan it begjin fan in transformaasje stiet. □

Frysker yn trije talen te brûken

Frysker is fernijd. De website mei taalhelpmiddels foar elk dy't flaterfrij Frysk skriuwe en prate wol, hat njonken in Fryske no ek in Ingelske en Nederlânske interface. Dêrneist is de presintaasje ferbettere en wurket it taalwebsite flugger as ea. De funksje 'Sykje' is oersichtliker wurden en, lykas altyd al, tige de muoite wurdich. 'Sykje' jout neist oersettingen ek wiidweidige ynformaasje oer it gebrûk en de foarms fan wurden, mei dúdlike foarbylden. Neist dizze ferbetteringen wurket de Fryske Akademy der ek oan om it Frysk-Ingelsk wurdboek út 2000 yn de sykfunksje fan Frysker op te nimmen. De ferwachting is dat soks yn 'e maitiid fan 2023 syn beslach krije sil.

Alle wiken goed 250 nije wurden

De ynhâld fan Frysker wurdt elke dei bywurke en dêrby wurde gâns nije wurden taheakke út it nije Nederlânsk-Frysk wurdboek dat op it stuit op de Akademy skreaun wurdt. It Nederlânsk-Frysk wurdboek yn Frysker groeit sadwaande alle wiken mei sa'n 250-300 nije wurden. It ûnderdiel Foarkarswurdlist wurdt ek geregeld útwreide en telt no hast 96.000 wurden. Frysker.nl is sûnt 2021 online en is de opfolger fan Taalweb. Yn Frysker binne de folgjende troch de Fryske Akademy ûntwikkele ûnderdielen te finen: *Foarkarswurdlist foar it Frysk (2015-2022)*, it *Frysk Hânwurdboek (2008, 2016)*, it *Frysk Wurdboek, Nederlânsk-Frysk (1985)*, en data út it *Online Nederlânsk-Frysk Wurdboek (2017-2022)*. Fierder brûkt Frysker de LexiconService fan it Instituut voor de Nederlandse Taal út Leien. □



Taaltechnology foar it Frysk

Mercator/ Fryske Akademy-ûndersikers Charlie Robinson-Jones en Ydwine Scarse hawwe yn opdracht fan it European Language Equality projekt (ELE) in rapport skreaun oer de beskikbere taaltechnologyske middels foar it (Westerlauwersk) Frysk.

Harren analyze fan de hjoeddeiske taaltechnologyske boarnen foar it Frysk litte sjen dat der signifikante ûntwikkelings west hawwe op it mêd fan automatyske oersetting, staveringshifkers, ientalige en multymodale korpora, en leksikale boarnen yn it bysûnder. Crowdsourcings-ynspanningen foar inisjativen lykas Mozilla Common Voice hawwe relatyf suksesfol west yn it sammeljen fan data dy't brûkt wurde kinne yn takomstige spraaktechnologyprojekten foar it Frysk. Der is lykwols in tekoart oan ûnder oare twatalige en meartalige tekstkorpora (parallelle data), taalmodellen, kompjûter-grammatika, -tsjinsten foar minske-kompjûterynteraksje, en sosjale media-data, lykas oan transkribearre materiaal dat brûkt wurde kin foar de ûntwikkeling fan spraakwerkenners en oare helpmiddels. □

→ It rapport '*Report on the West Frisian Language (Language Technology Support of Europe's Languages in 2020/2021 - European Language Equality project)*' is fergees del te laden:
→ **lyt.sr/hiLrv**

Frisian Humanities

→ Wittenskippers en beliedsmakkers út hiel Europa kamen yn septimber nei Ljouwert foar de twadde edysje fan it Kongres fan de Fryske Geasteswittenskippen (Conference on Frisian Humanities). Hja koene diskusjearje oer ûndersyk op it mêd fan midsiuwske en moderne Fryske skiednis, taalkunde en letterkunde, meartaligens yn relaasje ta it ûnderwiis en taal- en spraaktechnologyske helpmiddels foar lytse talen.

Uit in Huis

→ Foar it Uit in Huis Festival, de iepening fan it Ljouwerter kultuerseizoen, hie de Fryske Akademy ek de doarren iepene. Minsken koene it gebou fan de Akademy (út 1713!) besjen en mini-kolleezjes Aldfrysk bywenje, fersoarge troch kollega's Alex Kerkhof en Han Nijdam. In tige slagge middei.

Japanske delegaasje

→ In delegaasje út Japan wie ein augustus te gast by de provinsje Fryslân. Se besochten yn it ramt fan harren besite ek Tresoar, de Afûk en de Fryske Akademy om wat mear mei te krijen oer de Fryske kultuer en de relaasjes mei Japan. Sa hearden se by de Fryske Akademy ûnder mear it ferhaal fan de Japanske prof. Kodama, silger, dy't jierrenlang alle simmers by de Akademy te gast wie om in Frysk-Japanske grammatika te skriuwen. In groepsfoto mei de fertsjintwurdigers fan dizze trije organisaasjes foar de Aldehou, mocht fansels net ûntbrekke.

Fairtrade sertifikaat

→ Op it Ljouwerter stedhûs krige de Fryske Akademy en alve oare organisaasjes in Fairtradesertifikaat út hannen fan Wethâlder Evert Stellingwerf. It sertifikaat wurdt útrikt oan organisaasjes dy't bydrage oan ien of mear fan de 17 Duorsume Untwikkelingsdoelen fan de Feriene Naasjes, ek wol Global Goals neamd.

01

Akademydei

→ De 84ste Dies Natalis, de Akademydei, waard op freedtemiddei 16 septimber holden yn it WTC Ljouwert. Der wie in soad folk op ôfkaam. Njonken in taspraak fan direkteur-bestjoerder dr. Nelleke IJssennagger-van der Pluijm en haadsprekker prof. dr. Arjen Versloot, kamen dr. Alex Kerkhof (*01*) en drs. Mark Raat koart oan it wurd oer harren projekt. Adri de Boer (*02*) soarge foar de muzyk en der wie tiid om mei-inoar yn petear te gean (*03*) en eventueel oankeapen te dwaan by it diske fan de Afûk. (*04*)

02

04

03

Lêzing Simon Coupland

Op 21 juny fersoarge Simon Coupland ûnder grutte belangstelling in lêzing oer de Fikingen, en dan benammen oer wat muntfynsten oer harren oanwêzigens fertelle kinne.

Oan 'e hân fan it ferskaat oan types en de plakken dêr't dy munten opdûke, toande Coupland oan dat der wat sein wurde kin oer de ynfallen fan de Fikingen en benammen ek oer de aard derfan. Want lang net altyd gie it om oerfallen en plonderingen, de hannel spile gauris in folle wichtiger rol. Sa kin de fynst fan in soad Frankyske munten yn Skandinavië wat sizze oer de bloeitiid fan Dorestêd. De Fikingen sels sloegen ek munten, net komselden ferfalskingen, dêr't mei hannele waard, bygelyks yn de kriten oan de Donau. Sa naam de ynlieder de oanwêzigen mei yn in ferhaal dat oan 'e ein ta boeide. □



Jiersympoasium Wurkgroep Maritime Skiednis

Goed twa-en-in-heal jier nei de oarspronklike datum koe it jiersympoasium fan de Wurkgroep Maritime Skiednis fan de Fryske Akademy einlik plakfine.

Mear as 50 dielnimmers kamen yn oktober nei de Campus Fryslân yn Ljouwert om mei te diskussjearjen oer it tema 'Houtfeart en houthannel yn de iermoderne tiid'.

Der wiene lêzings fan ûnder oaren Hanno Brand (Fryske Akademy/ Ryksuniversiteit Grins) oer de konkurrinsje en kontrasten yn de Fryske houtfeart yn de santjinde iuw, en fan Paul Borghaerts (selsstannich ûndersiker) oer de werkomst en tapassing fan bouhout út Fryslân yn it tiidrek 1550 –1950. Margit Løyland fan it Nasjonaal Archyf yn Oslo en skriuwster fan it boek '*Hollendertida i Norge 1550 – 1750*' spruts de oanwêzigen yn Ljouwert fia in liveferbining út Noarwegen wei ta. □

→ Ron Brand, konservator by it Maritiem Museum Rotterdam, skreau in wiidweidich ferslach fan dizze gearkomste foar syn blog op Maritiemportal.nl:
→ **lyt.sr/DSGFY.**

Wurkferbannen

Akademylêzingen wer op lokaasje

Neidat de ôfrûne pear jier kear op kear de Akademylêzingen net trochgean koene fanwege de koroanapandemy, waard der op 18 novimber foar it earst wer gearkaam mei lêzingen op de lokaasjes te Ljouwert en Op 'e Jouwer. Foar dizze 63ste rige steane der no yn it begjin fan 2023 noch twa lêzingedagen op it programma: tiisdei 17 jannewaris en freed 23 maart.

Op de earste dei komme twa Akademy-ûndersikers oan it wurd. Prof. dr. Hans Mol fertelt de oanwêzigen alles oer HISGIS yn de praktyk en dr. Liuwe Westra giet yn op libben en striid fan Tony Feitsma, pionier foar it Frysk, dêr't er in biografy oer skreaun hat, sjoch dêrta ek side 3.

Yn maart komme de professoaren André Aleman en Eline van der Beek foar it buordsje. Beide binne se ferbûn oan de Ryksuniversiteit Grins. Aleman sil it hawwe oer 'cognitieve neuropsychiatrie UMCG: Het seniorenbrein'. Van der Beek giet yn op 'De rol van voeding op groei (en metabole) ontwikkeling tijdens de eerste 1000 dagen en het risico op ziekten in het latere leven'. □

→ www.fryske-akademy.nl/akademylezingen

FA-ria

Fryske ynsprekmaraton fan start

Elkenien dy't Frysk praat en in bydrage leverje wol oan it sammeljen fan 300 oeren ynsprutsen Frysk, kin meidwaan mei de Fryske ynsprekmaraton.

Foar it behâld fan de Fryske taal is it nammentlik wichtich dat Friezen de taal ek yn de digitale wrâld brûke kinne. Mei de ynsprekmaraton wurket de provinsje, yn 'e mande mei Mozilla Common Voice, Afûk, Fryske Akademy, NHL Stenden, Omrop Fryslân, RUG Campus Fryslân en Tresoar, oan in digitale samling fan yn it Frysk sprutsen sinnen. De Fryske Akademy hat ûnder mear de sintsjes gearstald dy't ynsprutsen wurde moatte.

Sa'n dataset mei in samling Fryske sinnen is de basis foar it meitsjen fan spraaktechnology. Foar in goede dataset binne sa'n 300 oeren sprutsen Frysk nedich. De provinsje makket hjirfoar gebrûk fan de software Mozilla Common Voice. Mei dizze dataset kin bygelyks in technologybedriuw spraakstjoerde tapassingen meitsje foar de Fryske taal. Ek hobbyisten kinne der mei oan 'e slach. De Fryske ynsprekmaraton rint oan 21 febrewaris 2023, de ynternasjonale dei fan de memmetaal. □

De Fryske vlogger en deputearre Sietske Poepjes joegen it startsein foar de ynsprekmaraton

Dogge jo ek mei?
→ commonvoice.mozilla.org/fy-NL

FA-ria

Gearwurking Fryske Akademy en ûndersykssintrum BirdEyes

BirdEyes is it nije sintrum foar ynterdissiplinêr en ynternasjonaal oriïntearre ûndersyk en post-master ûnderwiis op it mêd fan klimaatferoaring. It is in inisjatyf fan heechlearaar Trekfûgelekology Prof. dr. Theunis Piersma en de Ryksuniversiteit Grins.

De Fryske Akademy is ien fan de partners fan BirdEyes, lykas it NIOZ (Koninklijk Nederlands Instituut voor Zeeonderzoek) en it Instituut voor Biodiversiteit en Ecosysteem Dynamica fan de Universiteit fan Amsterdam.

Troch de ekspertize fan de beide kennisynstituten neistinoar te lizzen, hat bliken dien dat benammen yn it plaknamme-ûndersyk en histoaryske taalkunde, de wurdskat yn relaasje ta bioferskaat troch de tiid hinne, de keppeling mei it lânskip sa't dat troch HisGIS yn kaart brocht wurdt en it ûndersyk nei maritime netwurken lykas dy yn Fryslân, in soad reitsflakken sitte. Dêrneist kinne de Fryske Akademy en BirdEyes ek mei-inoar gearwurkje as it giet oer wittenskipskommunikaasje en it keppeljen fan data dy't slaan op Fryslân. □

→ www.globalflywaynetwork.org

Memmetaalsprekkers socht foar taalfariaasjeûndersyk

Foar in ûndersyk nei taalfariaasje yn it Frysk en yn it Nederlânsk, binne wy op syk nei dielnimmers foar in eksperiment. Om te sjen hoe't de beide talen sprutsen wurde, wurde der audio-opnamen makke fan it praten. It ûndersyk bestiet út twa eksperiminten (ien Nederlânsktalich en ien Frysktalich) dy't elts sa'n 45 minuten duorje. De ûnderdielen wurde yn aparte sesjes ôfnommen.

Elke memmetaalsprekker fan it Frysk kin meidwaan oan it ûndersyk. It eksperimint kin by de Fryske Akademy of de Ryksuniversiteit Grins dien wurde of by de dielnimmer thús. Der is in fergoeding fan € 10,- per sesje. Eventuele reiskosten wurde ek fergoede.

Kontakt
Wat ynteresse hat, kin kontakt opnimme mei Femke van Seijen, ûndersyks-meiwurker: fvanseijen@fryske-akademy.nl
Dit ûndersyk makket diel út fan it Noarske projekt 'Multilectal Literacy in Education', fan prof. dr. Øystein A. Vangsnes (UiT Arctic University of Norway). Foar de Fryske Akademy binne prof. dr. Hans Van de Velde en dr. Evelyn Bosma oan it projekt ferbûn. □

Skripsjepriis foar Martijn Kingma

De twajierlikse skripsjepriis fan de Fryske Akademy, oer de kolleezjejierren 2020-2022, is wûn troch (Marco) Martijn Kingma. Hy krige de priis op Akademydei 2022, freed 16 septimber, foar syn masterskripsje, *Phonetic Aspects of Centring Diphthongs in Frisian. The case of /iə/ and /ɪə/*, foltôge oan de oplieding European Linguistics oan de Rijksuniversiteit Groningen op 16 juny 2021.

De skripsje fan Kingma blinkt neffens de sjuery út kwa helderheid fan presintearjen en redenearjen. It is in tige deeglik opset ûndersyk, dêr't in hiel soad wurk yn sitten hat. De tekst is goed skreaun en befettet net allinnich in nijsgjirrige analyze en resultaten, mar ek in up to date oersjoch fan wat der al te witten falt oer de Fryske fonetyk. De skripsje is dêrmei in tige weardefolle bydrage oan 'e Fryske Taalkunde.

Kingma omskriuwt it goed yn syn skripsje as er seit dat, ek al wurdt it Fryske klanksysteem al sûnt de 19de iuw bestudearre troch ynternasjonale filologen en taalkundigen, it ien fan de lotsbestimmingen fan in minderheidstaal as it Frysk is dat net alle fasetten fan de taal like goed bestudearre wurde.

Yn de skripsje hat Martijn Kingma him talein op ien fan dy ûnderbeljochte fasetten: de Fryske twaklanken. Hoe wurde dy eins realisearre troch sprekkers? En is de fonetyske transkripsje dy't taalkundigen gewoan binne dêrfoar te brûken eins wol korrekt? Transkripsjes fan hoe't dy klanken realisearre wurde, binne nammentlik altyd op it gehoar makke en binne eins as tradysje oerdroegen. Nea binne se oan strange kontrôle ûnderwurpen of ûndersocht troch middel fan hjoeddeistige avansearre techniken. Dat lêste is wat Martijn Kingma no al dien hat troch út it ferneamde Boarnsterhimkorpus twa diftongen ûnder de lûp te lizzen: /iə/ and /ɪə/. Hy hat harren akoestyske en artikulatoaryske fonetyk fierder analysearre en ynspektearre mei help fan modern ark foar fonetyske analyze. Dat ûndersyk is dêrmei sawol nijsgjirrich út frisistysk eachpunt as út in ynternasjonaal fonetysk eachpunt wei.

Martijn Kingma, Aafke Bonnet-Bekkema en Nelleke IJssennagger-van der Pluijm

Weardefolle bydrage

De skripsje is in tige weardefolle bydrage oan 'e Fryske Taalkunde. Ut de sekuer optekene resultaten komt in helder byld fan de akoestyske en artikulatoaryske eigenskippen fan de twa diftongen. Ut de resultaten docht boppedat ûnder oaren ek dúdlik bliken dat de fonetyske notaasje sa't dy gewoan is yn de Fryske taalkunde, mei in krekt wat langer earste part fan de diftong, yndie oerienkomt mei de praktyk.
Ta einbeslút sinjalearret de skripsjeskriuwer mei rjocht de nijsgjirrige ferfolchfragen dy't it ûndersyk opropt. Net allinnich foar de fonetyske tûke fan de ynternasjonale taalkunde, mar ek foar it Frysk. Wat binne bygelyks de regionale ferskillen? En hoe beynfloedet it Nederlânsk it frij yngewikkelde klanksysteem fan it Frysk? Der is noch in soad wurk te dwaan op dat mêd. Lokkich kin Martijn Kingma dêr de kommende jierren fierder oan wurkje: sûnt de simmer is er wurksum as promovendus by de Fryske Akademy, nei't er earst in skoft as leksikograaf oan it wurk west hat.

Earfolle fermelding

In earfolle fermelding wie der foar Aafke Bonnet-Bekkema út Drachten foar har masterskripsje *'Sinterklaas moderniseert: traditiegetrouw vol verandering'. De viering van het ongeorganiseerde sinterklaasfeest in Leeuwarden, Groningen, Hoorn en regio's de Friese Wouden, het Hogeland, het Oldambt en West-Friesland in de periode 1875-1950.* Se foltôge de skripsje foar de oplieding Kunst- en Cultuurwetenschappen oan de Open Universiteit Heerlen op 25 septimber 2020.
De skripsje jout in hiel moai byld fan hoe't it Sinteklaasfeest modernisearre yn stêd en regio. In aktueel ûnderwerp, dat sy hiel moai presintearre hat troch in ferrassende ynfalshoeke te kiezen en ferskate metoaden te kombinearjen.

De sjuery bestie diskear út Aldfrisist dr. Han Nijdam en de taalkundigen dr. Anne Merkuur en Nika Stefan fan de Fryske Akademy. Der kamen mei-inoar sân skripsjes yn dy't de sjuery beoardielje koe.

Skripsjepriis

De skripsjepriis fan de Fryske Akademy is in twajierlikse priis foar it bêste skripsje-ûndersyk op it mêd fan de Fryske taal en kultuer. Dizze Skripsjepriis waard ynsteld by it fyftichjierrich jubileum fan de Fryske Akademy yn 1988, mei as doel om studinten dy't wittenskiplik ûnderwiis folgje oan te trunen om harren op Fryske tema's te rjochtsjen. De priis bestiet út in bedrach fan 1000 (tûzen) euro. □

Skripsje ynstjoere

→ Oer de kolleezjejierren 2022-2024 hâldt de Fryske Akademy ek wer in Skripsjepriisfraach. Ynstjoere kin no al. Mear ynformaasje dêroer en oer de betingsten dêr't de skripsje oan foldwaan moat, stiet op:
→ **www.fryske-akademy.nl/skripsjepriis**

Wandelende tak, wat is dat yn it Frysk?

Troch Martijn Kingma (promovendus Fryske Akademy)

By it skriuwen fan it ONFW (Online Nederlânsk-Frysk Wurdboek) rint de leksikograaf gauris tsjin tûkelteammen oan dy't om in kreative oplossing freegje. In foarbyld fan sa'n gefal is de *wandelende tak*.

Dat houterige bistke wurdt troch suver alle Friezen yn it Nederlânsk oantsjut, sels troch kollega-frisisten. In brûker fan in Nederlânsk-Frysk wurdboek sil lykwols wat feralterearre opsjen as er *wandelende tak* opsiket en as Fryske oersetting krekt datselde fynt. Hoe betinke je dêr as wurdboekskriuwer wat op?

As earste is it wichtich om út te finen oft der net dochs al in Fryske namme foar de *Phasmasida* te finen is. Eardere wurdboeken biede gjin útkomst en ek yn de samling fan Fryske ynsektenammen *It Wylde Wrimelt* (1981, FA-nr. 588) is *de wandelende tak* net fertsjintwurdige. Om de brûker dochs temjitte te kommen, is der de mooglikheid om foarsichtich oan taalútbou te dwaan en in oersetting te betinken en dy it label *neologisme* mei te jaan.

It twadde part fan de namme, *tak*, is it dreechste net. Dêr hat it Frysk *tûke* foar, dat troch de *û* ek noch frijwat distânsje ta it Nederlânsk hat. By it oersetten fan *wandelende* binne der wat mear obstakels. In streekrjochte omsetting nei *wanneljende* of *wandeljende* past net, want dat brûke Frysktaligen amper. Foar it Nederlânske *wandelen* seit in Fries foaral *kuierje* of *rinne*.



By dy earste foarm giet meast om in rekreatyf ein rinnen, wylst de twadde frij algemien sokssawat as 'mei skonken of poaten foarútkomme' betsjut. *Traapje* is in oare opsje, net yn it minste part omdat it bistke tige stadich beweecht.

Past *traapjende tûke* goed as oersetting foar *wandelende tak*? Oan de iene kant alliterearret it moai, oan de oare kant is de betsjutting fan 'net al te hurd, stadich rinne' fan it tiidwurd *traapje* faaks by lang net alle Friezen bekend. In *rinnende tûke* komt oer as in tûke dy't de gong der aardich yn hat, as in *lopende tak*. Dan bliuwt de *kuierjende tûke* as gaadlikste opsje oer. Dy soe mooglik ek noch wat ferkoarte wurde kinne ta *kuiertûke*. Wa wit kuieret de *kuiertûke* op dizze wize hiel hoeden it Fryske leksikon yn. □

Aginda

Hâld de aginda op ús thússide (fryske-akademy.nl) yn 'e rekken en sjoch op ús Facebook en Twitter foar aktueel nijs oangeande aktiviteiten.

→ 7 jannewaris 2023
Gearkomste Genealogysk Wurkferbân: 'De famylje Lauta van Aysma' troch André A. Buwalda, Ljouwert

→ 17 jannewaris 2023
Akademylêzingen 2022-2023: Hans Mol & Liuwe Westra, Ljouwert/ De Jouwer

→ 28 jannewaris 2023
Gearkomste Genealogysk Wurkferbân, Ljouwert

→ 28 jannewaris 2023
Kongreslêzing Nelleke IJssennagger, 'At home along different coasts', Universiteit fan Cardiff (FK)

→ 2 febrewaris 2023
Gearkomste Argeologysk Wurkferbân, mei in lêzing fan argeolooch André Plezynsky, Ljouwert

→ 3 febrewaris 2023
Gearkomste Lânboukundich Wurkferbân, mei in lêzing fan deputearre Friso Douwstra, Ljouwert

→ 10 maart 2023
Akademylêzingen 2022-2023: Andre Alema & Eline van der Beek, Ljouwert/ De Jouwer

→ 11 maart 2023
Gearkomste Genealogysk Wurkferbân, Ljouwert

→ 16 & 17 maart 2023
Mercator Konferinsje: Minority Languages in the City, Ljouwert

→ 8 april 2023
Gearkomste Genealogysk Wurkferbân, Ljouwert

→ 11 april 2023
Gearkomste Argeologysk Wurkferbân, Ljouwert

→ 16 & 17 juny 2023
Mercator Konferinsje: Bridging Global Citizenship and Multilingual Competences, Graz (Eastenryk)

→ 8 septimber 2023
Akademydei: 85ste Dies Natalis, Ljouwert

FRYSKE AKADEMY
Wittenskiplik sintrum fan Fryslân

Coulonhûs
Doelestrjitte 8
Postbus 54
8900 AB Ljouwert/Leeuwarden
Telefoan (058) 213 14 14

fa@fryske-akademy.nl
www.fryske-akademy.nl
@FryskeAkademy
linkedin.com/company/fryske-akademy/
facebook.com/FryskeAkademy/

Rekkennûmers NL30RABO0130549681
NL32INGB0000923369

Kontaktpersoanen

Ried fan Tafersjoch
Foarsitter: Seerp Y. Leistra

Heechleararen
Amsterdam (UvA):
prof. dr. Arjen Versloot
Utert: prof. dr. Hans Van de Velde

Direkteur-bestjoerder
dr. Nelleke IJssennagger-van der Pluijm

Kolofon

Ut de Smidte fan de Fryske Akademy
blêd foar leden en stipers

Stipersbydrage
De stipersbydrage foar 2023 is op syn minst € 25,00. Foar stipers yn it bûtenlân en foar studinten binne de bedraggen respektivelik € 35,00 en € 20,00. It opsizzen fan it stiperskip moat fóár 1 desimber skriftlik trochdien wurde oan de stipersadministraasje fan de Fryske Akademy.

Redaksje
Mettje de Vries en Inge Heslinga

Kopij kin oer de mail stjoerd wurde oan:
redaksje@fryske-akademy.nl
Mei de gewoane post nei:
Ut de Smidte, Postbus 54, 8900 AB Ljouwert/Leeuwarden
tel.: (058) 213 14 14

Foarmjouwing, opmaak en print
GPNo, De Jouwer

Foto's
Fryske Akademy, Fryske Akademy/ Hindrik Sijens, Gemeente De Fryske Marren, Gemeente Leeuwarden, Hoge Noorden/ Jacob van Essen Marieke Balk, Provinsje Fryslân en PDF-Grafie/ Piet Douma.